

# Frijbûtsjer

Moanneblêd fan de FNP

april 2018, nûmer 458

## Fan it haadbestjoer

### Utnûging

It haadbestjoer fan de FNP nûget jo fan herten út ta it bywenjen fan de

**Algemeine Ledegearkomste**

**op freed 25 maaie 2018 om 20.00 oere**

**yn Hotel Duhoux, Greate Buorren 4 te Wurldum**

### Wurklist

- 1 Iepenjen en meidielingen
- 2 Ferslach fan de Algemeine Ledegearkomste fan 24 novimber 2017 (\*bylage 1 )
- 3 Jierferslach Haadbestjoer 2017 (\*bylage 2)
- 4 Finânsjes
  - mûnling ferslach fan de Finansjele Kommisje
  - mûnling ferslach fan de Kaskommisje
  - fêststellen jierrekken 2017 (\*bylage 3.1) en bystelde begrutting 2018 (\*bylage 3.2)
- 5 Neibeskôging gemeenteriedsferkiezingen 21 maart 2018
- 6 Neibeskôging referindum sleepwet 21 maart 2018

### SKOFT

- 7 Stân fan saken Provinsjale Steaten (Corlienke de Jong)  
en Deputearre Steaten (Johannes Kramer)
- 8 Taryeding provinsjale steateferkiezingen en wetterskipsferkiezingen 2019
- 9 Stân fan saken wurkgroepen Enerzjy, Twadde Keamerferkiezingen en útwurking fyzjistik  
Nij perspektyf foar Fryslân
- 10 Omfreegjen
- 11 Sluten

Ut namme fan it haadbestjoer,  
Jehannes Elzinga, skriuwer

\* De bylagen binne fan 11 maaie ôf digitaal te krijen by it Partijhûs, e-post [fnphus@fnp.frl](mailto:fnphus@fnp.frl), of op papier, ek by it Partijhûs, tel. 058-2131422. Op de gearkomst sille der eksimplaren fan de bylage op 'e tafels lizze.

## Jierferslach 2017

### Polityk

Lanlik stie it politike jier yn it teken fan de Twadde Keamerferkiezingen fan 15 maart. De FNP hie earder al nei yntern beried besletten om net mei te dwaan, ek net ûnder it findel fan de OSF. Wol rôp de FNP syn leden op om op in Fryske kandidaat te stimmen. It wol net sizze dat de FNP út prinsipe nea meidwaan wol. De kommende perioade wolle wy neitinke oer de konsekwinsjes fan al of net meidwaan, dêr wurdt in wurkgroep foar oprjochte. De OSF, dy't ek in grut tal provinsjale partijen omfiemet wêrûnder de FNP, seach fan dielnimming ôf, mar ien fan de leden, Lokaal Brabân besleat op eigen manneboet mei te dwaan. Dat waard gjin sukses, de partij helle sa'n bytsje stimmen dat der net in sit yn siet.

Polityk wie de FNP drok mei de tuskentiidske ferkiezings op 22 novimber yn de gemeenten Ljouwert, Súdwest-Fryslân en de nije gemeente Waadhoeke as gefolch fan gemeentlike fúzjes dêr't de gemeenten Littenseradiel, Frjentsjerteradiel, It Bilt, Menameradiel en Ljouwerteradiel by ferdwûnen. De opkomst wie matich en foar de FNP wie der sprake fan konsolidaasje.

### Bestjoer

Bestjoerlik betsjutte 2017 de komst fan in nije foarsitter: Ultsje Hosper droech nei in perioade fan fjouwer jier op de ALG fan 19 maaie it stokje oer oan Cees van Mourik. Ultsje wie in markante foarsitter mei útsprutsen mieningen. Cees wie troch de foarsitterskommisje besteande út Hindrik ten Hoeve, Pytsje de Graaf en Jehannes Elzinga ree fûn him kandidaat te stellen om Ultsje op te folgjen. Der wiene gjin tsjinkandidaten en de ALG keas Cees mei grutte mearderheid as nije foarsitter. Ultsje waard foar syn krewearjen in byld fan in kraanfûgel oanbean, tige tapaslik sjoen syn passy foar de natuer. Cees stelde yn syn yntreerede hege ambysjes te hawwen: syn doel is groei fan de partij te realisearjen en as dat binnen in perioade fan twa jier net slagget wol er syn posysje op 'e nij besjen. Op dizze ALG namen Jan Lammers en Hylke Heidstra ek ôfskied. As tank foar harren wurk krigen hja in bôlekuorke fan bakker De Groot út Stiens. Jehannes Elzinga (skriuwer) en Jaap Cuperus waarden by akklamaasje wer foar fjouwer jier beneamd.

Op 31 desimber bestie it bestjoer út Cees van Mourik (foarsitter), Jehannes Elzinga (skriuwer), Eddie de

Vries (ponghâlder), Cees Nieboer, Jetske Lysbeth de Groot en Jaap Cuperus (leden).

It haadbestjoer hat yn 2017 acht kear gear west.

### Algemeine Ledegearkomsten

Der wiene ALG's op 19 maaie (75 oanwêzigen) en 24 novimber (65 oanwêzigen). Op 19 maaie joech de steatefraksje in tuskentiids ferslach fan syn wurk.

Der waard in nije wurkgroep ynsteld: Nij perspektyf foar Fryslân û.l.f. Sybren Posthumus dy't de nije FNP-fyzje fan 2013 foar mear foech fan Fryslân binnen Nederlânsk steatsferbân neier útwurkje sil. Doel is dat op de ALG fan maaie 2018 de wurkgroep it resultaat oan de leden foarlizze sil.

Op de ALG fan 24 novimber joech Henk de Vries út namme fan de wurkgroep Enerzjy in presintaasje oer it EFA-kongres oer duorsume enerzjy fan 27-28 oktober. Der waard ek in útstel fan it bestjoer behannele om it kêst fan it karbrief oan te passen: foar nije leden soe in oergongspriode fan fjouwer moanne jilde foardat se offisjeel stimrjocht krije. It útstel waard ôfwiisd troch de leden.

Tige ferdivedearjend wie in presintaasje oer it Frysk Film Argyf jûn troch direkteur Syds Wiersma mei in protte koarte filmkes út Fryslân oer alderhande ûnderwerpen.

### Algemien

– Algemiën: it ledetal naam ta mei mar leafst sa'n 100 persoanen ta oant likernôch 1300. Wylst de measte politike partijen fan delgong te lijen hawwe, bloeit de FNP dus.

– Partijhûs: It partijhûs yn Ljouwert waard flink opknapt sadat wy wer beskikke oer in represintatyf pân en burohâlder Tjibbe Brinkman en de frijwilligers ûnder bettere wurkomstannichheden harren wurk dwaan kinne. Bygelyks kezen, doarren, ruten, cv-tsjettel en radiatoaren waarden ferfongen.

### Ferskate gearkomsten en aktiviteiten

– De nijjiersgearsit fan 7 jannewaris waard ferskood nei 14 jannewaris fanwegen glêde diken. Organisator wie diskear de ôfdieling Dantumadiel. De gearsit waard holden yn restaurant Old Dutch yn De Westereen. It wie in tige suksesfolle gearkomste mei in grutte flecht op 'e koai. De Sulveren Fyts waard

útrikt oan WV Otto Ebbens út De Westereen foar it jierrenlang krewearjen foar de fytssport, De Fryske Natuer- en Miljeupriis (in beam en in oarkonde) oan natuerboer Romke Kinderman út Feanwâlden foar syn bydrage oan it behâld fan de Fryske natuer en in skjûn miljeu.

– Op 7 maart en 7 novimber waard it healjierlikse oerlis fan it HB mei de steateleden holden, op 20 maart mei de ôfdielingsbestjoeren en op 7 april mei politisy.

– Op 1 septimber wie de start fan it nije politike seizoen 2017-2018 yn Wommels, Littenseradiel. In feest mei in nostalgysk rântsjie: der waard ôfskied nommen fan de gemeente Littenseradiel dy't op 1 jannewaris 2018 opslokt wurde soe troch de gemeenten Ljouwert, Súdwest-Fryslân en de nije gemeente Waadhoeke. Yn museum It Tsiispakhûs koene wy sjen hoe't de lânbou de lêste fyftich jier feroare is en prof. Philippus Breuker út Boazum joech in histoaryske rûnlieding troch Wommels.

– De jierlikse klustergearkomsten fan HB mei ôfdielingen waarden holden op 25 septimber (Súd yn Wolvegea), 5 oktober (Midden yn Hurdegaryp) en 9 oktober (Noard yn Reitsum).

– Op 26 septimber wie der in temajûn oer lânbou op de biologyske buorkerij fan Hoekstra by Snits mei sprekkers út ûnderskate kampen, lykas de ekolooch

prof. Theunis Piersma (RUG) en Europarlemintslid Jan Huitema (VVD). De opkomst wie massaal. It waard in tige nijsgjirrige jûn.

– Op 27 en 28 oktober waard troch FNP'ers yn NHL Stenden yn Ljouwert in EFA-kongres oer duorsume enerzjy op poaten set. Der wiene sprekkers fan kwizekwânsje út ferskate Europeeske lannen. De opkomst wie goed en der waarden nijsgjirrige konklúzjes lutsen dy't in rol spylje sille by it ferkiezingsprogram fan de steateferkiezingen yn 2019.

– Op 6 novimber wie der in jûn foar nije leden organisearre troch de kaderkommisje yn it Provinsjehûs yn Ljouwert. De opkomst wie goed. Der liket in protte polityk talint ûnder de nije leden te wêzen.

– Op 20 desimber wie it jierlikse oerlis fan foarsitter en skriuwer mei burohâlder en mei de frijwilligers. Der waarden ek krystpakketten útrikt om de wurdearring fan it HB te toanen foar it krewearjen fan ús warbere frijwilligers.

– Dat de FNP wol meidwaan kin yn it digitale tiidrek blykt wol út it feit dat de partij al mear as 1500 folgers op Facebook hat, op de PvdA nei mear as alle oare partijen yn Fryslân.

**Jehannes Elzinga**, skriuwer

## Oprop

### Wa wol meitinke oer FNP-dielname oan de Twadde Keamerferkiezingen?

Sûnt jierren wurdt der by ús neitocht oer it meidwaan oan de Twadde Keamerferkiezingen. Dan stelle wy ússels alderhande prangjende fragen lykas: Binne wy grut genôch om in sit te krijen? Wat kinne wy mei sa'n iene sit no foarinoar krije? Is it net in nije bydrage oan it fersnipperjen fan de Keamer? Kinne wy wol in goede listlûker besette?

Mar wolle wy as Fryslân, as Friezen, in bytsje mear foech oer ússels besykje te krijen, dan moat dat dan dochs mar wêze. En kinne wy ús moaie lân dan ek better ferkeapje foar toerisme, wurkgelegenheid en fêstigingsplak? Dat binne fragen, dy't dêr foaroer steane.

Koartsein, oer dy fragen wolle wy graach ris mei leden harsenskrabje. Der sil grif noch folle mear op it aljemint komme, mar útgongspunt fan sa'n diskusje is dus de fraach, meidwaan of net, en dan wol of net yn 'e mande mei de OSF?

Wa't dêroan meidwaan wol, is fan herten wolkom. Wy sykje dan fansels ek in foarsitter en in skriuwer. Wa't wol kin him opjaan fia [fnphus@fnp.frl](mailto:fnphus@fnp.frl). Ik sil de earste gearkomst liede en dan sjogge wy fierder.

**Cees van Mourik**, foarsitter

## Fan de steatefraksje

### Brief oan Spaanske ambassadeur

De steatefraksje hat mei in brief oan de Spaanske ambassadeur yn Nederlân protest oantekene tsjin de gong fan saken yn Kataloanië. Mei in hiel soad oare EFA-partijen yn Europa makket de FNP grut beswier tsjin it oppakken fan politysy, it skeinen fan minskerjochten en it beheinen fan de frije parse yn de striid om mear selsstannichheid foar de regio.

### Manifestaasje tsjin gaswinning

De gearwurkjende regionale OSF-partijen: FNP, Groninger Belang en Partij voor het Noorden hawwe 24 febrewaris in manifestaasje yn de Grinzer Pein hâlden. De partijen wolle in sterke fûst meitsje tsjin de gaswinning en de skealike gefolgen dêrfan. De aktiviteit wie wakker slagge mei in 80 dielnimmers en rûnom omtinken yn de regionale media yn Fryslân en Grinlân. It is tagelyk in foar oefening om tenei mear gear te wurkjen yn OSF-ferbân.



### Steatefragen oer NAM en Vermilion

It dossier oer de gaswinning hâldt de polityk op it stuit yn de besnijing. Yn de lêste steategearkomste hat Wopke Veenstra mûnlinge fragen steld: geane de ôfspraken mei de regio oer de gaswinning fan de NAM ien-op-ien oer nei Vermilion? De NAM hat in tal gasputten yn Noardeast-Fryslân ferkocht oan Vermilion, sadwaande. Ut de antwurden fan deputearre Schrier die bliken dat alle ôfspraken oer nulmjittingen, skeafergoeding, gebietsfûnsen en sa yndied ien-op-ien oergeane nei de nije eigener.

Fan belang wie fierder it nijs dat de minister ynkoarten mei ien unifoarme regeling komt foar alle lytse gasfjilden yn hiel Nederlân. Dus ek dy yn Fryslân. De FNP hie dêr mei de oare OSF-partijen yn Grinlân en Drinte fûleindich foar pleite. De NAM en Vermilion sitte tenei neffens dat nije 'Grinlanner model' net mear tusken boarger yn oerheid yn en kinne net langer 'verdeel en heers' spylje. Doel is dat de ûngelikense situaasje foar de boarger by de ferskillende gasfjilden en mynboumaatskippijen ta in ein komt.

### Minority Safepack Initiative slagget

It Europeeske boargerinisjatyf Minority Safepack Initiative ta stipe fan de lytse talen yn Europa is slagge. By de sluting op 4 april wiene der mear as 1,2 miljoen hantekeningen. Omdat de oanfraach ek yn alve lidsteaten oer in beskate drompel hinne kommen is, moat de Europeeske Kommisje it ûnderwerp taalferskaat en de beskerming fan de lytse talen yn de EU no op de wurklist sette. Gâns FNP'ers hawwe ek tekene. Tige tank dêrfoar!

### Haachske dreamen

It kabinet hat in tal 'swiergewichten' ynset om mei de hjoeddeistige minister fan Ekonomyske Saken in plan te ûntwikkeljen foar de reduksje fan it CO<sub>2</sub>-nivo. Dêr binne fertsjintwurdigers fan de yndustry, lânbou, bedriuwslibben en út de politike partijen VVD, GroenLinks en PvdA by. In opmerklike kar mei in heech Rânestêdhalte. Krekt by de neamde partijen is op lanlik nivo de lêste desennia kwealik fyzje ûntwikkele en al hielendal gjin ferbreiding fan it eachweid, dat perfoarst nedich is foar in sûne enerzjytakomst.

Dat skriuwe Klaas Fokkinga en Henk de Vries út namme fan de FNP yn in opynstyk yn de Fryske kranten fan 12 maart. It artikel giet ek yn op it slagge Enerzjykongres dat de FNP yn oktober 2017 mei de EFA organisearre. In moasje yn de Steaten is ûnderwilens oannommen om alhiel neffens it idee fan de FNP mei in 'Taskforce' flugger konkrete stappen te setten nei in fossylfrij Fryslân yn 2050. It folsleine artikel is nei te lêzen op de hiemside fan de FNP.

### Jild Waadfûns behâlde foar de regio

Jild fan it Waadfûns moat ek nei 2026 beskikber bliuwe foar de regio. Dat fynt de FNP yn Provinsjale Steaten. Steatelid Wopke Veenstra hat dêr in moasje oer yntsjinne yn de gearkomste fan 28 maart. Oanlieding foar de moasje is it rapport fan de Noardlike en Rânestêdlike Rekkenkeamers oer it Waadfûns. De ûndersikers warskôgje dat grutte bedraggen, op it stuit wol € 60 miljoen, op 'e planke lizzen bliuwe troch opûnthâld fan projekten. It Waadfûns rint yn 2026 ôf en it jild soe dan werom gean nei it Ryk. De moasje om dat te kearen krige romme stipe fan oare partijen.

### Slûs Koarnwertersân

Okkerdeis die bliken dat der in tafaller is fan 81 miljoen euro by de oanbesteging fan it wurk oan de Ofslútdyk. Steateleden Klaas Fokkinga (FNP) en Johan Tjalsma (CDA) hawwe dêr yn ienriedich oparbeidzjen in moasje oer opsteld. Sy freegje in oantrún by it ministearje fan Ynfrastruktuer en Wettersteat om dat jild te besteegejen oan it ferbreedzjen fan de slûs op Koarnwertersân en de fernijing fan de steuringsgefoelige brêgen. De moasje krige hast unanime stipe yn de Steaten.

### Natuerynklusive lânbou yn Europa

De FNP is fan betinken dat yn it nije Europeesk lânboubelied (CAP 2020) it bioferskaat yn de lânbou stimulearre wurde moat. It moat ta op in natuerynklusive lânbou. De boeren moatte dêr in earlik ynkommen foar krije. Dat brocht Corlienke de Jong nei foaren op it jierlikse kongres fan de Europarlemintsparty EFA (foto) op 12-15 april yn Landshut (Beieren). Mei de moasje fan de FNP sille Europarlemintariërs fan de EFA oan 'e slach om dat realisearre te krijen. FNP-deputearre Johannes Kramer hat mei syn nij lânboubelied yn de Fryske Steaten deselde rjochting oanjûn.



## Fan de kaderkommisje

### Kaderkommisje nije styl

De kaderkommisje yn syn hjoeddeistige foarm is yn 2013 ta stân kommen troch de eartiidse ôfdielingekommisje en boargemasterskommisje yn de al besteande kaderkommisje opgean te litten. It doel fan dy gearfoeging wie dat de nije ploech alle saken dy't mei ús 'kader' te meitsjen hawwe, tenei koördinearret. Ynearsten hawwe benammen Jan Hettinga en Cees van der Meulen – mei help fan in tal oare leden – dat stal jûn. De kaderkommisje hat trije haadtaken: a. kader sykje, b. kader foarmje en trene en c. kader yn 'e ôfdielingen – as dêr ferlet fan is – bystean.

De kaderkommisje bestiet no út: Annigje Toering (foarsitter), Wijbe Postma (skriuwer), Jabik van der Bij (ponghâlder) plus de leden Sjoerdsje Veenstra en Welmoed van der Werf.

Der is de ôfrûne twa jier in tal aktiviteiten organisearre foar it 'kader', mar ek oare leden koene dêr wol oan meidwaan, lykas in rûnlieding yn Tresoar en yn it Provinsjehûs. Foar de feitlike kaderfoarming koe der in groep 'jonge politisy' – se wurde ek wol as 'beloften' of 'oanstoarmjend talint' oantsjut – foarme wurde dy't entûsjast it politike hânwurk ûnder hannen nimt en him mei ynmoed oriëntearret op de saken om dat hânwurk hinne.

As foarbyld kin neamd wurde in debattrening dy't holden waard op woansdeitejûn 7 maart yn Duhoux (Wurdum). De jûn stie ûnder lieding fan Rieks Osinga. Hy sketste earst syn eigen politike ûnderfiningen as steatelid en gie doe mei de dielnimmers oan 'e slach.

De foarm dêr't foar keazen waard wie it 'Lagerhuis-debat'. Dêrby stiene twa groepen foarinoar oer. Der waard in stelling ynbrocht. De iene groep wie foarstanner fan 'e stelling en de oare wie derop tsjin. Elke groep moast op basis fan eigen optochte arguminten syn stânpunt taljochtsje en ferdigenje. As ien fan 'e dielnimmers wat melde woe moast er stean gean.

Yn dy opset gean de debaters de konfrontaasje oan en moatte hja de krityk fan 'e oare partij besykje ôf te swakjen of te fersmiten mei harren eigen argumintaasje. In hiel direkte wize fan diskusjearten en mieningsfoarming. Rieks Osinga swile de jûn op in oansprekkende wize nei en yn 'e neisit waard troch de dielnimmers oanjûn dat hja fan dizze oanpak hiel wat opstutsen hiene.

De oanwêzige kaderkommisjeleden nimme de wisk om nochris sa'n jûn te hâlden serieuus en sille neigean oft dat mooglik is.

## Nei de gemeenteriedsferkiezingen No op nei de steateferkiezingen

De gemeenteriedsferkiezingen fan 21 febrewaris hiene in wikseljend resultaat, mar oan alle minsken, dy't dêroan meiholpen hawwe, sis ik tige, tige tank. Wy hawwe yn trije gemeenten ferlern, twaris twa sitten en ien kear ien sit. Fierder hat It Hearrenfean moai oan stimmen wûn en oare gemeenten binne sawat gelyk bleaun. Wy sille sjen hoe't de gearstalling fan de kolleezjes ferrint. Yn Tytsjerksteradiel liket it derop út te draaien dat wy wer in sit yn it kolleezje krije, in moai sukses!

By de tariedingen foar de ferkiezingen bin ik in pear dingen tsjinkommen, dy't ferbettere wurde kinne. Net oeral hie in listadvyskommisje oan it wurk west, mar waard yn de ledegearkomste, dêr't programma en list fêststeld waarden, in list gearstald. Dat kin better troch in kommisje yn te stellen dy't in foarstel foar de kandidatelist makket troch mei mooglike kandidaten te praten, harren te hifkjen op geskiktheid en motivaasje en dy list oan it bestjoer fan de ôfdieling foar te lizzen. Dy list kin troch de ledegearkomste feroare wurde om him dêrnei mei-inoar fêst te stellen. Dat is profesjoneler en saakliker. Leden foar sa'n kommisje binne der genôch. In tip foar de kommende kear: beneam der in pear ôfdielingsleden yn en in pear fan bûten. Dat wurket goed.

No komme de de ferkiezingen foar de Steaten deroan. Dy binne foar de FNP hiel wichtich. De deputearre, de foarsitter fan de steatefraksje en ik binne al in skoft drok dwaande mei de tariedingen. It resultaat sil foarlein wurde oan it haadbestjoer en dan oan de leden. Hoe tinke wy in goed resultaat te beheljen? Dat hinget fan ús allegearre ôf! As wy allegearre mei-inoar oan it wurk wolle om yn ús prachtige lân in grutter tal minsken yn de Steaten te krijen, hinget it ek fan ús allegearre ôf om dat foarinoar te krijen. It is is in soad wurk en it sil tiid en swit fergje om dat te berikken, mar it kin wol.

Dit is myn oprop. As wy it wolle en wy binne ree om deroan mei te wurkjen, kin it. Doch mei, help ús! Wy sille nije paadsjes kieze moatte en nije dingen útfine moatte, mar it kin! Utstellen sille oan jimme foarlein wurde. Wy sette mei-inoar de skouders derûnder.

**Cees van Mourik**, foarsitter

## FNP diskusje- en ideeëpartij

### Sandra Rottenberg en Arend Jan Boekestijn oer de sleepwet

Op tongersdei 1 maart hat de FNP-steaterefraksje yn gearwurking mei de OSF in diskusjefûn yn De Koningshof op It Hearrenfean belein oer it referendum oangeande de sleepwet. Sa'n fjirtich leden wiene oanwêzich om te harkjen nei de ynformaasje fan de twa ynliders, Sandra Rottenberg en histoarikus Arend Jan Boekestijn. Op basis fan de ynformaasje naam de seal ek diel oan de diskusje.

Yn syn nijjerstaspraak hat foarsitter Cees van Mourik al oankundige dat de FNP in partij fan diskusje en ideeën wêze moat. Foar de FNP bestiet der gjin absolute wierheid. De partij hifket argumenten foar en tsjin ôf. Op basis fan de ynformaasje kinne de leden foar harrensels in stânpunt ynnimme. Dit referendum lient him dêr goed ta. De FNP jout gjin stimadvys ôf.

Sandra Rottenberg die as tsjinstanner fan de sleepwet de ôftraap. Hja is wol fan miening dat der in nije wet op de ynlochtige- en feilichheidsjinsten komme moat, mar fynt dizze wet, dêr't elke boarger troch de oerheid as fertochte yn beskôge wurdt, net de goede wei. It giet tsjin har gefoel yn, omdat se yn prinsipe yn in maatskippij libje wol dêr't wy inoar fertrouwe. Soks ferwachtet se ek fan de oerheid.

De FNP hat fia de EFA konneksjes mei de Katalaanske ûnôfhinklikheidsbeweging, dy't no troch Madrid ferfolge wurdt. Keazen folksfersjintwurdigers wurde yn de finzenis smiten en de lieder Carles Puigdemont is nei België ta flechte. De konneksjes fan de FNP mei de Katalanen soene foar de geheime tsjinst oanlieding wêze kinne om alle kommunikaasje mei de foarsitter Cees van Mourik ôf te taapjen. Mei de nije wet hoecht der net direkt in fertinking te wêzen, mar kin net-filtere ynformaasje sammele wurde. Mocht der wat barre, dan hat de geheime tsjinst alle kommunikaasje en kin dy filtere wurde. Slimmer is dat op fersyk fan de Spaanske geheime tsjinst dy ynformaasje trochspile wurde kin oan Spanje.

De wetlike mooglikheid fan it trochspyljen fan de ynformaasje nei bûtenlânske geheime tsjinsten kin as in grut neidiel sjoen wurde. De Turkse diktator Erdogan soe op basis fan de útwikselingswet de mei tank oan de sleepwet krigen ynformaasje opfreegje kinne. Geheime tsjinsten meie ynformaasje tsjininoar útwikselje. Hoe ynteger giet de Turkske oerheid dêr dan mei om en hoe feilich binne dan de Nederlanners mei ek in Turksk paspoart as hja op fakânsje geane nei Turkije?

Foarstanner fan de sleepwet, Arend Jan Boekestijn, achtet dat lêste ek wol in punt fan omtinken. Hy is foarstanner fan de wet omdat it ynternasjonaal terrorisme op dit stuit in grutte bedriging foar ús demokrasy foarmet. In oanslach hat grutte impact. Hy ferwiist dêrby nei de Frânsen dy't claime dat hja fia harren ynlochtgewet mear as tweintich oanslaggen ferhindere hawwe.

Neffens Boekestijn wurdt no troch de Militaire Inlichtingen- en Veiligheidsdienst alderhande ynformaasje ynsammele, mar is dat eins yllegaal. Wol is er foar in bettere kontrôle op de feilichheidsjinsten as no it gefal is. Hy pleitet foar in ûnôfhinklike rjochter dy't in lêste stim hat om al of gjin tastimming te jaan foar in ûndersyk. Mei de wurden fan Aristoteles, 'Quis custodiet ipsos custodes?' oftewol: wa kontrolearret de kontrolearers? Der moatte goede *checks and balances* komme. Mocht immen bygelyks slachtoffer wurde fan it graafwurk fan de tsjinsten en dy persoan soe syn baan ferlieze, dan soe romhertich de skea fergoede wurde moatte.

Ut it publyk komt de fraach oft de wet allinnich fan tapassing wêze sil op it terrorisme. Neffens Boekestijn falt it net út te sluten dat de wet ek ynset wurdt tsjin populistyske partijen, as ferwachte wurdt dat dêr ek in terroristyske driging fan útgiet. De geheime tsjinst sleept, mar lêst de ynformaasje noch net út. Earst by in fertinking en tuskenkomst fan in rjochter mei de ynformaasje útlêzen wurde.

Oer twa jier wurdt de wet evaluatearre en dan soene der oanpassingen oanbrocht wurde kinne, lykas in regeling foar skea. Sandra Rottenberg seit dat de kiezer dêrom ek tsjinstimme kin. By it ôfstimmen fan de wet wurdt it regear twongen om de wet nochris goed te besjen. Dan soene de needsaaklike ferbetteringen fuortdaliks trochfierd wurde kinne.

In goede diskusjefûn. Foar de kommende steatereferkizingen yn 2019 wurde der noch trije diskusjefûnen organisearre, dus hâld de data yn 'e gaten.

**Wiebe Hoekstra**

**De leden oan it wurd**

Dizze kear gjin nije ledekollum, mar twa reaksjes op de foarige kollum, ‘Fan FNP nei FP?’ fan Hans Nauta. Doe’t wy mei dizze rubryk úteinsetten, stie ús it diskusjearjen troch leden ek foar eagen. Moai dat dat no slagge is. Wy beskôgje foar wat de *Frijbûtsjer* oangiet de diskusje oer de N yn FNP no as sletten en hoopje de oare kear wer in farske kollum te publisearjen.

Redaksje

**Nasjonaal fansels!**

Foar it riedslid Hans Nauta is de riedsfraksje yn Waadhoeke de lytse kant neist. En dat soe de skuld wêze fan de *N* yn de partijnamme: Nauta hat mei in hiel soad minsken praat en foar in soad fan dyen stonk de *N* nei nasjonalisme. Sokken hawwe net op ús stimd, dat Nauta wol oars. Hy wol de *N* kwyt en hy is fan betinken dat syn arguminten dúdlikernôch binne. Nauta wol fan FNP nei FP. Hy stiet op in ledegearsit oan om oer it ûnderwerp te redendieren. (*Frijbûtsjer* 457, maart 2018).

Us FNP-*N* is deselde as dy yn, bygelyks, Kristlik Nasjonaal Fakferbûn en Nasjonale Nederlannen (AEX-fûns) en nimmen hâldt de *N* yn CNV en NN foar nasjonalistysk. Der is yn it ferline al mear as ien kear oer de FNP-*N* praat: yn 1967, 1970, 1978 en 1990, en dat mei nochal wat arguminten pro en kontra. Der binne foar in namme sûnder *N* tsien útstellen dien én fersmiten.\*) Nederlân is lid fan de Rie fan Europa yn Straatsburch. Dy kaam yn febrewaris 1995 mei It Ramtferdrach foar de beskerming fan ‘nasjonale minderheden’. Elke lidsteat koe sels dat begryp definiearje. Dêrneffens is ús folk sûnt 1 desimber 2004 in nasjonale minderheid yn Nederlân én de iennichste. De folksfertsjintwurdiging yn De Haach hat ús de status fan nasjonale minderheid takend.

En soene wý dan dat wurd nasjonaal wer slite wolle? Lit ús der dochs net foar de safolste kear in striidkwestje fan meitsje.

**Bertus Jans Postma**, Bitgummole

\*) Kerst Huisman, *Tusken Fryske dream en Nederlânske macht*, s. 154-167. (Frysk en Frij, Ljouwert 2003)

**Lit de N mar sitte**

Yn de lêste *Frijbûtsjer* freget Hans Nauta om nije diskusje oer de ‘N’ yn de FNP. Syn motiven binne dúdlik en terjochte. Net om ’e nocht hawwe wy hjir as partij twa kear earder oer teset west en beide kearen haw ik mei pleite om de ‘N’ derút te heljen. Mar yn de ledegearkomsten fan 25 novimber 1967 en 19 novimber 1992 is besletten om de namme net te feroarjen. En ek dêr wiene goede redenen foar.

Om twa praktyske punten soe ’k der no net wer oer begjinne wolle:

- In jier fóár de provinsjale ferkiezings moatte wy net yn ús eigen spul omreagje.
- Troch sels wer mei dizze diskusje te begjinnen, rjochtsje wy krekt it omtinken fan oaren op de ferkearde útlis fan dy ‘N’.

En fansels guon politike tsjinstanners en minsken dy’t de FNP net lije meie, kinne fan dy ‘N’ rare dingen sizze, mar de measte minsken witte wol better. En oars moatte wy mar better útlizze dat dy ‘N’ oars net sizze wol as dat wy ús as Friezen in eigen naasje fiele. En dat hat neat te krijen mei rjochts-nasjonalisme. As wy ús as FNP’ers sels ek sa oppenearje, dan hoecht dy ‘N’ gjin kwea te dwaan. Boppedat is de namme FNP no wol algemien akseptearre yn Fryslân as de Fryske partij. En hoewol’t it no mei de lêste riedsferkiezings wat minder gong, hawwe guon gemeenten dúdlik sjen litten dat de FNP gewoan de grutste partij wêze kin. Soks soe nea kinne as in protte minsken it idee hiene dat wy ferkearde doelstellingen mei dy ‘N’ hawwe. Dus lit mar sitte.

**Jan Hettinga**, Aldehaske

Hawwe jo wat op it hert dat de FNP of de Fryske polityk oanbelanget, dan kinne jo dat publyk meitsje yn de rubryk ‘De leden oan it wurd’. Tal wurden net heger as 500 à 550 en leafst mei in foto fan josels foar tiisdei 22 maaie (in wike earder dus as de oare kopij) opstjoere nei [frijb.ynfo@fnp.frl](mailto:frijb.ynfo@fnp.frl).

# Frijbûtsjer

## FNP-adressen

**FNP-Hûs**, Obrechtstrjitte 32, 8916 EN Ljouwert  
Antwurdnûmer 5034, 8900 VB Ljouwert  
(058) 213 14 22, [fnpus@fnp.frl](mailto:fnpus@fnp.frl)  
Buro: Tjibbe Brinkman, Twizel  
(0511) 54 22 73, [tjibbe.brinkman@fnp.frl](mailto:tjibbe.brinkman@fnp.frl)  
**It FNP-hûs is iepen op tiisdeis en tongersdeis fan 10.00 oant 14.00 oere**  
Bankrekken: NL21 RABO 0305 0145 28  
Ynternet: [www.fnp.frl](http://www.fnp.frl)

## HAADBESTJOER

**Cees van Mourik**, De Gaastmar (foarsitter)  
(0515) 46 93 93, [cees.van.mourik@fnp.frl](mailto:cees.van.mourik@fnp.frl)  
**Jehannes Elzinga**, Frjentsjer (skriuwer)  
(0517) 23 45 24, [jehannes.elzinga@fnp.frl](mailto:jehannes.elzinga@fnp.frl)  
**Eddie de Vries**, Drachten (ponghâlder)  
(0512) 52 53 92/(06) 55 33 17 17, [eddie.de.vries@fnp.frl](mailto:eddie.de.vries@fnp.frl)  
**Jaap Cuperus**, Dokkum  
(06) 22 45 83 22, [jaap.cuperus@fnp.frl](mailto:jaap.cuperus@fnp.frl)  
**Jetske Lysbeth de Groot**, Drachten  
(0512) 52 19 92, [jetske.lysbeth.de.groot@fnp.frl](mailto:jetske.lysbeth.de.groot@fnp.frl)  
**Cees Nieboer**, Tsjerkwert  
(0515) 57 96 57, [cees.nieboer@fnp.frl](mailto:cees.nieboer@fnp.frl)

## REDAKSJE FRIJBÛTSJER

**Harry van Borkulo**, Hurdegaryp; **Jan Breimer**, Grou;  
**Cees van Mourik**, De Gaastmar; **Jitske Zaadstra**, Turns  
**Kopij**: p/a FNP-hûs; e-post: [frijb.ynfo@fnp.frl](mailto:frijb.ynfo@fnp.frl)

## STEATEFRAKSJE

p/a Provinsjehûs, (058) 292 58 03, [fnp@fryslan.frl](mailto:fnp@fryslan.frl)  
**Wietske Poelman**, fraksjemeiwurkster  
**Yde Dijkstra**, beliedsmiwurker

**Corlienke de Jong**, Jutryp (foarsitter)  
(06) 22 01 90 66, [c.dejong@fryslan.frl](mailto:c.dejong@fryslan.frl)  
**Sybre Posthumus**, Reduzum  
(0566) 60 29 28/(06) 30 22 66 84, [s.posthumus@fryslan.frl](mailto:s.posthumus@fryslan.frl)  
**Wopke Veenstra**, Boelensloane  
(0512) 34 27 70, [w.veenstra@fryslan.frl](mailto:w.veenstra@fryslan.frl)  
**Klaas Fokkinga**, Nes (D)  
(06) 20 03 35 81, [k.fokkinga@fryslan.frl](mailto:k.fokkinga@fryslan.frl)  
**Rein van der Wal**, It Surhústerfean (earste opfolger)  
(06) 15 91 22 31, [r.vanderwal@fryslan.frl](mailto:r.vanderwal@fryslan.frl)

## DEPUTEARRE

**Johannes Kramer**, Sibrandabuorren  
(06) 15 61 20 55, [j.kramer@fryslan.frl](mailto:j.kramer@fryslan.frl)

## WETTERSKIPSFRAKSJE

**Sake van der Meer**, Koatstertille (foarsitter)  
(06) 23 25 06 19, [sake.van.der.meer@fnp.frl](mailto:sake.van.der.meer@fnp.frl)  
**Jan van der Kooi**, Ryptsjerk  
(06) 28 62 58 13, [jan.van.der.kooi@fnp.frl](mailto:jan.van.der.kooi@fnp.frl)

## EARSTE KEAMER (OSF)

**Hindrik ten Hoeve**, It Hearrenfean  
(06) 29 48 02 72, [hendriktenhoeve@osfractie.nl](mailto:hendriktenhoeve@osfractie.nl)

**FNP-JONGEREIN** – Ynternet: [www.fnpj.frl](http://www.fnpj.frl)  
Sytze Kobus, Garyp, kontaktpersoan  
(06) 46 31 82 34, [jongerein@fnp.frl](mailto:jongerein@fnp.frl)

## Bûsboekje

### Maaie

- 15 Haadbestjoer
- 25 Algemeine Ledegearkomste
- 31 Kopij *Frijbûtsjer* 459 ynleverje

### Juny

- 14 *Frijbûtsjer* 459 komt út.

De *Frijbûtsjer* is ek te sjen op [www.fnp.frl/Organisaasje](http://www.fnp.frl/Organisaasje) - kontakt ▼



*EFA-kongres yn Landhut (Beieren)*



Retoeradres: FRL Post, Swettestrijtte 31, 8912 AV LJOUWERT

## Ynhâld fan dit nûmer

- Side 1 *Fan it haadbestjoer*
  - Utnûging Algemeine Ledegearkomste 25 maaie
- Side 2 - Jierferslach 2017
- Side 3 - Oprop Twadde Keamerferkiezingen
- Side 4 *Fan de steatefraksje*
  - Berjochten
- Side 5 *Fan de kaderkommisje*
  - Kaderkommisje nije styl
  - Fan de foarsitter*
    - Nei de gemeenteriedsferkiezingen
- Side 6 - FNP diskusje- en ideeëpartij (ferslach)
- Side 7 *De leden oan it wurd*
  - Reaksjes
- Side 8 - Kolofon
  - Bûsboekje